TE GAST

Mear eigenwearde en minder foaroardiel

Dochs mar trochgean mei it krewearjen foar mear Frysk op skoalle.

SYTZE HIEMSTRA

skriuwer Feriening Frysk Underwiis

Frysk as ballêst? Yn het Onderwijsblad fan de AOb (5 november) komme wy in artikel oer streektalen in stikmannich útspraken tsjin fan lju dy't foar 'expert' op it mêd fan streektalen trochgeane. Wy sille in pear opmerkings fan har oanhelje om sjen te litten hoe 'skrander' en hoe 'saakkundich' oft sokke lju wol net binne. Se hawwe ús sels oan it twifeljen brocht. En dat wol wat sizze. Kinne wy ússels as FFU mar net better opdoeke? As grutte hampelmannen lykas Groothengel en Kroon de mûle iepenje, dan falle jin de skilen ommers samar fan de eagen? Lês mar:

„In Friesland kijkt geen mens er meer van op. Sinds 1980 is het Fries daar een verplicht vak op de basisschool. De kinderen leren het spreken en schrijven. En dat is een kwalijke zaak, vinden experts."

'Ik ben geen voorstander van Friese taferelen', zegt Bert Groothengel, streektaalconsulent bij het Twentse Van Deinse-instituut. 'Leerlingen die op school Fries moeten leren, maar thuis nooit Fries spreken, krijgen onnodige ballast mee. Een taal moet thuis worden ingebed, anders heeft een leerling er niets aan.'

„En het is belangrijk dat Nederlands de voertaal is op de basisschool, stelt hoogleraar Sjaak Kroon, verbonden aan de Universiteit van Tilburg en de Radbout Universiteit in Nijmegen. Hij houdt zich bezig met meertaligheid en onderwijs. 'Wanneer de rekensommen worden uitgelegd, moet dat in het Nederlands gebeuren. Uit het afstudeeronderzoek van een studente van mij, Philo Offermans, bleek dat volgens pabo-studenten en docenten op school de standaardtaal gebruikt moet worden."

Wurdt it net tiid, sa freegje wy ús ôf, dat wy it Ingelsk, Frânsk, Dútsk, Spaansk, Latyn, Gryksk en al dy oare talen dy't de learlingen thús net prate, ôfskaffe op skoalle? Se binne ommers net ynbêde yn de thústaal en sadwaande grif oer en tefolle.

Eén land, één volk, één taal', is dat net in prachtich ideaal? Sille wy dus alle ynstruksje mar net wer 'normaal' en 'gewoan' yn it Holländsk dwaan? Is soks net folle better foar it rekkenjen? Somkes hawwe pabû-studinten hjoed de dei ommers al sa'n lijen mei. Dat hawwe se fansels skipe fan har streektaal. En dan giet it mis mei de tafels en de sturtdielings.

En kinne sokke studinten ek net folle better helpe by deeglik wittenskiplik streektaalûndersyk yn streken lykas Twinte? Mei help fan sa'n Kroon? Ta heil fan de hiele naasje?

Ien dy't ús, nei it leksum fan boppen, eins wat op 'e doele bringt, is Simon Reeker, earste streektaalfunksjonaris fan Nederlân en bûtengewoan heechlearaar 'Groninger Taal en Cultuur'. Lit ús ek ris harkje nei wat dy te sizzen hat.

„Toen ik in 1984 streektaalfunctionaris werd, zei ik in een interview: 'Geen Friese toestanden', en ik heb in mijn herinnering zelden zoveel applaus in eigen kring gehad voor een uitspraak waar ik in wezen zelden zoveel spijt van heb gehad. Want waar was deze eigenlijk anders op gebaseerd dan op een vooroordeel in mijn kring dat zich richtte op niet meer dan een enkele, volgens ons te nadrukkelijke, uiting hier van belangstelling voor en betrokkenheid bij de taal van de eigen regio?"

„Ik heb er misschien redelijkheid mee getoond in eigen kring - en zo die Staten tevreden gesteld die in wezen aarzelend kunnen zijn geweest over iets als structureel aandacht schenken aan het Gronings - maar ik had wel een wat groter gevoel van eigenwaarde kunnen laten blijken."

Wat mear eigenwearde dus. En wat minder foaroardiel. Sille wy dochs mar net trochgean mei ús krewearjen foar mear Frysk op skoalle?